



DE SKIPSBOU YN GROU.

Behalve yn de kustplakken as Harns, Makkum, Workum, Lemmer, ensfh. wienen der ek hellingen oan de binnewetters. Benammen oan it farwetter fan Grins nei Lemmer/Staveren wienen der in grut tal, yn ús gemeente b.g. yn Warten, Grou, Terherne.

Ut it Quotisatiekohier fan 1749 binne oernommen de kostwinners dy't yn de skipsbou en bybehearrende affearen wurkje *) We sjogge dat behalve it skip sels ek alle ûnderdielen as mēst, blokken, touwurk, seilen, yn Grou makke wurde kinne. De talrike smidden, alrounders, kinne foar it izerwurk wol soarchje.

As bazen sjogge we de bekende Johannes Jurjens, (sjoch it stientsje fan 1755 in de gevel oan it Halbertsma's plein), ek Pier Jetses of Idses, de (eerste?) baas fan ús helling. It hûs by de hellingskuorre hie yn syn fleur in eptich Spaansk geveltsje mei boppeyn in stien mei jiertal 1745, dus ek út dy tiid. *)

